

IT NYS

Kollum fan Frâns Kuipers

Ik ryd sawat elke wike fan 't Surhústerfean fia Ljouwert nei de A7 by Boalsert nei de Ofslútdyk en fierder nei Noard-Hollân en oarsom. Ik gean dan oer de Westergoawei en dy belibje ik as moaiste 'Better As' troch it Fryske lânskip, want oeral om my hinne sjoch ik in iepen lânskip mei rûnom doarpkes lykas Deinum, Jorwert, Húns, Leons, Iens, Wommels, en neam mar op. Mei in feartsje fan hûndert, ôfremjend nei santich by ôfslaggen nei dy doarpen ta, is it twaentweintich kilometer genietsjen troch it gerslân mei prachtich útsicht op tuorren fan monumintale tsjerken. Tsjerketuorren binne tekens fan warbere mienskippen.

As ik oer dy prachtige Westergoawei ryd mei al dy tsjerketuorkes yn de fierte, dan tink ik ek faak oan alle frijwilligers dy't dy tsjerken 'draaiende' hâlde. Sommige tsjerken binne omboud ta in teäter, lykas yn Nes (Dongeradiel). Yn Ljouwert feroarje sommige tsjerken yn wenten foar studinten of foar de âlderein. Moai fansels, as de bûtenkant itselde bliuwt. Tsjin de flakte is neat

Oeds Westerhof, ien fan de liederen fan LF2018, andere ein 2017 doe't er foar promoasje fan LF2018 yn De Haach wie, op in fraach fan immen oft der ek histoaryske monuminten yn Fryslân te sjen binne: "Yn hiel Fryslân steane sawat op elke fjouwerkante kilometer sa'n fjouwer monumintale tsjerken mei geweldich moaie tuorren. Op fytsôfstân faninoar." Wat soe it moai wêze as der by al dy tsjerken in pear wite fytsen stiene foar dyjingen dy't dit lânskip mei al dy prachtige tsjerken 'belibje' wolle. Idee?

Wat de lêste tiid yn de media opfalt is dat de tsjerken de lêsten net langer drage kinne. Sûnt 2006 is der in enoarme delgong te sjen fan it ledetal fan tsjerken. Sa rekke de Protestantske Tsjerke yn Nederlân (PKN) yn acht jier ûngefear 300.000 leden kwyt en itselde byld is te sjen by de Rooms-katolike tsjerken. Dat stiet yn it moanneblêd *Kerkbeheer*. Ik wol it graach opnimme foar al dy frijwilligers, dy't de tsjerken oan 'e gong hâlde. Draaiende hâlde. Tsjerkerintmasters krije it aloan swierder foar de kiezen.



Ridend oer de prachtige Westergoawei sjoch ik by Boalsert, by de A7 en fierderop by de Ofslútdyk hege wynmûnen stean en draaien. Ommers, eartiids – hjir en dêr steane se noch – wie it hiel gewoan dat der tichteby in doarp of midden yn in stik lân, in mûne stie om it wetter op peil te hâlden, om tou te meitsjen (draaien) of om koarn te meallen foar de bakkers om bôle fan te bakken ensa. Op dy mûnen binne wy as Fryslân sunich, want de measte binne ûnderwilens as monumintaal ferklearre.

Doe betocht ik dat it eins mooglik wêze of wurde moat dat elk doarp ien of twa wynmûnen kriget, dêr't de opbringst fan te'n goede komt oan de doarpsmienskip en foar it grutste part bestege wurdt oan it yn stân hâlden fan de monumintale (doarp)tsjerken. Ik wit dat de provinsje net foar solitêre mûnen is. Reduzum wit der alles fan. Nije hege wynmûnen moatte yn 'wynparken' komme te stean, bygelyks op de kop fan de Ofslútdyk en yn de Iselmar, tichteby Makkum. Grutte ynvesteaders sjogge dat wol sitten; der is finansjele en miljeuwinst mei te beheljen.



By it provinsjale wynmûnebeslút yn 2014 (sjoch link ûnderoan) hawwe de Steaten neat sizze kinnen oer dit ‘wynmûne-idee’, want dat idee bestie doe noch net. Mei dêrom soe it de muoite wurdich wêze kinne dat de Steaten (en fansels de gemeenterieden ek) ûndersykje litte oft it mooglik is om doarpsmienskippen in eigen wynmûne bouwe te litten. Wat is derop tsjin dat oeral yn Fryslân, mei al dy prachtige monumintale tsjerken en tsjerketuorren, ien of twa wynmûnen oan de rane of yn it greidlân komme te stean? Soe it no echt sa hinderlik wêze?

Der komme hoe dan ek mear hege wynmûnen yn grutte parken en der komme ek aloan mear sinnepanielen op dakken en op stikken lân, want duorsumens sit ús efter de broek. Loftfytserij? It sil wis en wrachtich in hiele toer wurde om as mienskip in eigen mûne betelje te kinnen. Sa’n wynmûne kostet oardel miljoen euro; de opbringst haw ik net útrekkene, mar dat in mûne finansjeel út kin is dúdlik, oars soene se net op grutte skaal boud wurde. Crowdfunding, yn `e mande mei gemeenten, provinsje, banken, bedriuwslibben en de rikere tsjerken mei besittingen? Bygelyks it keapjen fan oandielen mooglik meitsje foar partikulieren, dy’t de opbringst skinke wolle oan it doarp en/of de monumintale tsjerke? Der binne grif wol knappe rekkenmasters te finen dy’t de kosten en de baten berekkenje kinne om oan te toanen hoefolle jild oft der foar in doarpsmûne op it kleed komme moat.

Ik bin benijd hokker partij him dêroan weaget. De provinsje en de gemeenten wolle oan alle kanten de mienskip fersterkje; dus oan de kant stean gean te sjen is te maklik. Ommers, de kampanje fan LF2018 draaide en draait noch altyd op de krêft fan de Fryske mienskip. Sûnder mienskip en sûnder de allemachtich grutte oantallen frijwilligers slagget der neat! Dan stiet sels de hiele wrâld stil. Kom op!

<https://www.milieucentraal.nl/klimaat-en-aarde/energiebronnen/windenergie/>